

Jierferslach 2023





Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes 2023		2
• Keatsjier 2023		3
• Oantekens ledegearkomste – 29 maart 2023		4
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- Wedstriidseizoen 2023	Wedstriidkommisje	10
- Keatsen 2023, troch de bril fan de jongereinkommisje	Jongerein- & Technyske kommisje	11
* Priiswinners kompetysjekeatsen 2023		12
* Keatser fan it jier 2023	Roel Sijbesma	14
- PR-kommisje 2023	PR-kommisje	15
- Fjilden en Materialen	Fjilden- en Materialekommisje	16
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	17
* Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach	Romine Jelsma	18
* Eksploitaasjerekken 2023		21
* Ferklearring kaskommisje 2023		21
- Keatskamp 2023: 'Bisteboel'	Keatskampkommisje	22
• Sneon 8 july 2023: de 18e Jong-Feintepartij		24
• Wedstriidferslaggen		26
- Lede- en federaasjepartijen		26
- KNKB partijen		36
- Skodallekeatsen		38
- IFK Jeu de Pelote – Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule – Frouljus PC		38
- Nederlânske Kampioenskippen		39
- KNKB Klasseminten		39
• Keatsmominten út 2023		40

Kolofon

Foto omslach:

Skiedsrjochter Hendrik Sweering jout blokjerinner Elin Stoffelsma de keats oan op de Jong-Feintepartij. Hendrik hinget nei 20 jier syn skiedsrjochterjaske oan de wilgen. Hy wol no sels wer keatse by de 50 plus. Op de fotoside hjirneist docht er syn 'ererûntsje' op de frouljus PC yn Weidum (© Henk Bootsma).

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Mattie Dijkstra, Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Judy Bergsma en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes 2023

HAADBESTJOER

Marten Faber	Foarsitter
Hester Minks	Skriuwer
Romine Jelsma	Ponghâlder
Dieuwke Kooistra	Algemiene saken
Jan Bouke Bouma	Fjilden en materialen

WEDSTRIIDKOMMISSJE

Wilma Sjaarda	Foarsitter
Jelmer Hazenberg	Wedstriidsekretariaat
Tineke Kamstra	Algemiene saken
Wietse Vink	Opjefte ledewedstriden/ Algemiene saken

JONGEREIN- & TECHNYSKE KOMMISSJE

Imke van der Leest	Foarsitter
Sietske Okkema	Skriuwer/ TK koördinator
Martina Kooistra	Trainings koördinator
Trynke Draijer	Kompetysje saken
Klaas Sixma	Algemiene-/ Fasilitêre saken
Wiepkje Sijbesma	Wedstriden
Peter Stuver	Wedstriden
Marit Kuperus	Understeunend lid

PR-KOMMISSJE

Mattie Dijkstra	Foarsitter
Judy Bergsma	Skriuwer
Jetske Sieperda	Jong-Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Kleanbelied
Greet Jorritsma	Redaksjelid

FINANSJELE- EN STIPEKOMMISSJE

Dirk-Yde Sjaarda	Foarsitter
Romine Jelsma	Kontakt HB
Hendrik Kuiper	Relaasje behear
Jan Simon Jelsma	Relaasje behear
Abe-Jan Stegenga	Relaasje behear
René Rijpma	Understeunend lid

KEATSKAMPKOMMISSJE

Sieta Tessemaker	Foarsitter
Selma de Boer	Algemiene saken
Halbe Willem Overal	Algemiene saken
Tjalie Houtsma	Algemiene saken

WEBREDAKSJE

Wiepkje Sijbesma	Foarsitter
Sieta Tessemaker	Redaksje lid
Karin Sjaarda	Redaksje behear
Marije Schurer	Redaksje Jong-Feinte
Imke van der Leest	Redaksje Jong-Feinte

FJILDEN- EN MATERIALEKOMMISSJE

Jan Bouke Bouma	Foarsitter
Klaas Sixma	Fjilden jongerein

'FITE FUTTERS' – FJILDISMANNEN

Theo Jelsma	Lolke Bouma
Geert Dijkstra	Jan de Jong
Willem Twijnstra	Jelle de Boer
Roel Sijbesma	



Keatsjier 2023

Yn maart de foarjiersgearkomste foarsitte, letter op dizze jûn troch de leden oannommen, myn 1e jier as foarsitter fan de keatsferiening stiet foar de doar. In haadbestjoer mei Hester, Dieuwke, Romine en Jan Bouke. Wy sille ús bêst dwaan om der foar de leden in moai keatsjier fan te meitsjen. We steane der alle 5 itselde yn, keatse is foar de leden. Der moat mei nocht en wille op de fjilden in spultsje spile wurde.

Yn it winterskofft ha we in enkête holden. Hjir binne wol wat ideeën útkommen dêr't we wat mei kinne. We kinne fansels net alle winsken ynfolje en we kinne it net elkenien nei 't sin meitsje, mar we dogge ús uterste bêst om der wat leuks en gesellichs fan te meitsjen. Ik kin der in hiel lang ferhaal oer skriuwe, mar ik hâld it leaver net te lang.

It ôfrûne jier ha wy as haadbestjoer besocht om safolle as mooglik nei de leden ta te bringen. Der wurdt meastentiids swier oan de KNKB tild. Wy as bestjoer ha dit in bytsje loslitten. Dit wat minder oandacht jûn en besocht de fokus te lizzen op ús eigen keatsende leden. Keatsjier 2023 hie wat my oanbelanget twa echte útsjitters dêr't we grutsk op wêze meie en wêrfan't wy tinke dat we echt wol goeie dingen dogge as feriening.

Kompetysjekeratsen

In boppeslach, wat in opkomst wie der alle wiken. Ek mei de sêfte bal derby, de drompel om yn te stappen is foar nije leden sa lytser. Neffens my is hjir noch wol mear út te heljen en lizze der mooglikheden om nije leden op tongersdeitejûn op it fjild te krijen. De neisit mei fansels ek net ûntbrekke.

Slotwedstriid

Ek dit wie wat ús oanbelanget in boppeslach. Wat wie it waarm, mar wat hie elk in soad wille. De opset wie dit jier wat oars as oars.

Keatse mei hurde én sêfte bal, de jeugdwedstriid derby en dit kear gjin BBQ mar der is keazen foar pizza's. De slotwedstriid moat foar alle leden tagonklik wêze, elk moat op dizze dei keatse kinne mei de bal dêr't hy of sy it leafst mei keatst. It idee fan de doarpsfeestkommisje om elk 3 listen keatse te litten en dêrnei is alles ûngefear tagelyk út, like ús ek wol wat. In moaie ôfsluting om mei in grutte glim op werom te sjen. Dit jier mar wer!!!

Foar 2024 ha we in pear spearpunten

Bûten alle fêstichheden sille we besykje it Peloten wat foarm te jaan, hjir is al in skofftke fraach nei. Ek ha we wat wizigingen oanbrocht yn de wedstriidagenda. Wy tinke dat dit fan mearwaarde wêze sil om wat mear en ek leuke wedstriden te krijen. Wy hoopje fansels op in lytse stiging kwa opkomst. Freegje dyn freonen, buorlju, famyljeleden of wa dan ek. Nim se op tongersdeitejûn in kear mei nei it fjild, de earste 2 kear mei elk fergees besykje út te finen oft it leuk is. De sêfte bal is hjiryn in lytse sprong om yn te stappen.

Elkenien betanke foar it moaie keatsjier 2023 en mei-inoar meitsje we der wer wat moais fan yn 2024!!!

Marten Faber

Foarsitter Keatsferiening Easterein



Oantekens ledegearkomste KF Easterein – 29 maart 2023

Oanwêzich: Haadbestjoer: Marten Faber, Romine Jelsma, Dieuwke Kooistra, Jan Bauke Bouma, Hester Minks en sa'n 30 leden (sjoch presinsjelist).

Ofwêzich mei berjocht: Sipke Hiemstra, Jan Hiemstra en Karin Sjaarda

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de ledegearkomste op 23 maart 2022
4. Finansiële ferslach:
 - rekken 2022
 - begutting 2023
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2022
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - Foardracht foarsitter: Marten Faber
 - Foardracht fjilden en materialen: Jan Bauke Bouma
 - Offredend: Ids de Boer, ponghâlder
 - Foardracht: Romine Jelsma
 - Fakant:
 - Algemien lid/ oansprekpunt wedstriidkommisje
9. Stikken KNKB-gearkomste op 5 april
10. Punten fanút it bestjoer, ûnder oare:
 - enkête
 - training foar de kompetysje
 - koeke-aksje
 - punten fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits e.o.
 - ôfskied kommisjeleden
 - fakatueres: stân fan saken
11. Wedstriidaginda 2023
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

Marten iepenet de gearkomste om 20.00 oere.

Goeie jûn allegearre, allegearre fan herte wolkom by de jierlikse foarjiers-gearkomste fan ús keatsferiening. Dêr binne we alwer.... de start fan in nij keatsseizoen! It ôfrûne winterskoff is der achter de skermen troch alle kommisjes wer in soad wurk fersetten (en ik hoopje ek in soad wille by de neisit) om mei-inoar fan keatsjier 2023 wat moais te meitsjen.

Foardat we fannejûn oergean op de oarder fan de dei en de wurklist trochnimme, wol ik yn dit foarwurd net foarby gean oan it feit dat we it jier begûn binne mei ferlies... grut ferlies...

3 Jannewaris is Jouke Huitema ferstoarn. Jouke, by elts wol bekend, wie in markante man, mocht graach in gleske reade wyn, en wie mei de Jong Feinte altyd fan 'e partij. Hy wie hjirfoar ek jildstiper.

31 Jannewaris is ús trou lid Talitha Dijkstra ferstoarn. Wat in belutsenheid by de keatsferiening, wat in leafhawwer... Wat in respekt hat Talitha ôftwongen by de striid dy't sy hân hat en oangien is, mar net winne mocht. In dappere frou is fierstente betiid hinnegien, wat sil se mist wurde!!

Ja en dan.... oer op de oarder fan de dei, we moatte troch, en we geane ek mar troch. De start fan keatsjier 2023 stiet foar de doar en giet oer 4 wiken wer los. Op Keningsdei wurdt de earste 'wedstriidbal' wer slein. As bestjoer ha we der nocht oan. Underling ha we útsprutsen dat we it net te dreech meitsje wolle. Keatsferiening Easterein stiet rûnom heech oanskreaun as it op organisaasje oankomt. Prachtich moai, mar it moat wol helber bliuwe en we moatte it net dreger meitsje as it is... We keatse omdat we it leuk fine, de gesellichkeit stiet foarop en elts moat mei in soad nocht en wille op 'e fjilden stean. Wy sille yn elts gefal ús uterste bêst dwaan, op ús manier!!

Yn it winterskoff is der in enkête opsetten. Dochs dreger dan as je op foarhân tinke, mar it is slagge en fannejûn sil dit ek foarby komme. We kinne net yn alle winsken foarsjen, mar der binne wat opsetsjes en ideeën oppere hokker we it kommende seizoen besykje wolle. Gewoan dwaan en we sjogge wol hoe't it rint. Mei-inoar komme der dan fêst wol wer nije ideeën.

We wolle it jûn net te lang meitsje, sjen oft dit slagget. Mar gau los!! Ik winskje jimme in goeie gearkomste. Nei ôfrin stiet der foar elts in hapke en in drankje klear.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Gjin.

3. Oantekens fan de ledegearkomste op 23 maart 2022

Gjin opmerkings

4. Finansjeel ferslach

Romine hat mei help fan lds it finansjeel ferslach oer 2022 makke. Hji'rûnder de wichtichste sifers op in rychje.

Rekken Organisaasje

Opbringsten	Begrutting 2022	Rekken 2022	Rekken 2021
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	0	0	0
Sponsorjilden	3.000	3.650	3.525
Kontribúsje en trainingsjilden	7.371	7.335	7.026
Aksjes	3.388	3.844	588
Subsydzje Gemeente	0	0	152
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	3.380	1.253	954
Totaal opbringsten	17.138	16.081	12.245

Utjeften	Begrutting 2022	Rekken 2022	Rekken 2021
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	150	122	44
Kosten wedstriden	274	697	244
Ferieningskosten	8.063	5.966	7.017
Hier sporthal, fjilden, materialen	960	946	545
KNKB en Federaasje	3.233	2.987	3.273
Aksjes	1.250	1.175	20
Materiaal	2.009	811	1.805
Totaal uitgaven	15.937	12.704	12.947
Resultaat	1.201	3.378	-701

Rekken Wedstriden

Opbringsten	Begrutting 2022	Rekken 2022	Rekken 2021
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.878	2.634	2.288
Sponsorjilden	7.913	10.833	9.532
Kontribúsje en trainingsjilden	0	0	0
Aksjes	1.350	1.377	1.179
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	1.008	470	958
Totaal opbringsten	13.148	15.313	13.955

Utjeften	Begrutting 2022	Rekken 2022	Rekken 2021
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	10.160	9.769	8.876
Kosten wedstriden	4.594	5.999	3.018
Ferieningskosten	1.330	685	700
Hier sporthal, fjilden, materialen	585	650	385
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	265	1.237	271
Materiaal	55	0	70
Totaal uitgaven	16.988	18.340	13.320
Resultaat	-3.841	-3.026	635

Rekken Totaal

Opbringsten	Begrutting 2022	Rekken 2022	Rekken 2021
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.878	2.634	2.288
Sponsorjilden	10.913	14.483	13.057
Kontribúsje en trainingsjilden	7.371	7.335	7.026
Aksjes	4.738	5.222	1.768
Subsydzje Gemeente	0	0	152
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	4.388	1.723	1.912
Totaal opbringsten	30.286	31.395	26.201

Utjeften	Begrutting 2022	Rekken 2022	Rekken 2021
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	10.309	9.891	8.920
Kosten wedstriden	4.868	6.896	3.262
Ferieningskosten	9.392	6.650	7.717
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.545	1.596	930
KNKB en Federaasje	3.233	2.987	3.273
Aksjes	1.515	2.412	290
Materiaal	2.064	811	1.875
Totaal uitgaven	32.926	31.043	26.267
Resultaat	-2.640	351	-66

- Ferieningskosten binne in stik leger. Dit komt dochs noch troch de corona. We ha mear thús fergadere as oars. En ek gewoan wat rêstiger oandien mei de konsumpsjes.
- Dirk-Yde freget nei de materiaalkosten. De nije keatsballen binne wol besteld yn 2022 mar noch net betelle. Dit komt yn 2023 en dêr is wer rekken mei holden yn de begrutting fan 2023.

Begrutting

Ynkomsten (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2023		Begrutting 2022
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	0	2.987	2.987
Sponsorjilden	3.000	8.063	11.063
Kontribúsje en trainingsjilden	7.700	0	7.700
Aksjes	711	900	1.611
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	3.205	1.268	4.473
Totaal opbringsten	14.616	13.217	27.833

Utjeften (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2023		Begrutting 2022
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	293	9.977	10.269
Kosten wedstriden, kaatsclinics	226	4.379	4.605
Vereningskosten	7.984	931	8.915
Huur sporthal, velden en materiaal	787	650	1.437
KNKB en Federaasje	3.101	0	3.101
Aksjes	0	150	150
Materiaal	2.975	55	3.030
Totaal uitgaven	15.365	16.142	31.507
Totaal opbringsten	14.616	13.217	27.833
Resultaat	-749	-2.925	-3.674

- Dit jier komme der 100 nije ballen. Se komme net allegear tagelyk yn 'e rûlaasje, sadat we kommen-de jierren net wer safolle ballen tagelyk hoege te bestellen.
- Dirk-Yde freget wêrom't der sa'n grut ferskil is by aksjes. Dit komt troch de koeke-aksje dy't we net mear hâlde wolle (sjoch ek fierderop yn dit ferslach). Dit jier is der gjin Poiesz-aksje, dy ynkomsten misse we ek.

Kontribúsje en bydragen

	2021	2022	2023	Ferskil
Kontribúsje senioaren	35,00	35,00	37,50	2,50
Kontribúsje jongerein	26,50	26,50	26,50	-
Trainingen jongerein				
-Seal	12,50	12,50	12,50	-
-Fjild	17,50	17,50	17,50	-
-Beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlis Wedstriden				
-Senioaren leden	3,00	4,00	4,00	-
-Senioaren Federaasje	4,00	5,00	5,00	-
-Senioaren KNKB	6,00	6,00	6,00	-
-Jongerein Federaasje	3,00	3,00	4,00	1,00
-Jongerein KNKB	4,00	4,00	4,00	-

De kontribúsje giet foar de senioaren mei € 2,50 omheech. De ynlis by federaasje wedstriden foar de jongerein giet mei € 1,00 omheech. De oanwêzige leden gean hjirmei akkoart.

5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

Hendrik Sweering en Vera de Vries. Hja binne der beide spitigernôch net by. Mar we ha in mail fan se krigen:

Goeie dei,

Wy binne snein 12 maart op besite west by lds en Romine om de finânsjes te kontrolearjen.
Wy binne neat bysûnders tsjinkommen.
Spitigernôch kinne we troch omstannichheden beide net op de ledegearkomste wêze.
Dus by dizze jouwe wy ús goedkarring en betankje wy lds en Romine.
Wy winskje Romine in soad súkses ta yn har nije funksje en lds... tige tank..

Groetnis fan Vera en Hendrik

Nij kaskommisje lid: Tymen Dijkstra.

6. Presintaasje jierferslach 2022

It wurd is oan Mattie. Sy lit witte dat it jierferslach farsk by de drukker wei komt. Foaral Froukje en Greet ha hjir in soad tiid yn stutsen. Tank derfoar! It sjocht der wer prachtich út mei in soad moaie foto's.



De oprop oan âlders en keatsers om in soad foto's te meitsjen en in ferslachje te meitsjen, bliuwt stean.

8. Bestjoersferkiezing (foar it skoff)

- Foardracht foarsitter: Marten Faber
Ferline jier hie Dirk-Yde Sjaarda al ôfskied nommen as foarsitter fan de KF. Doe hat Wilma Sjaarda tydlik it stokje oernommen oant oktober 2022. De leden binne akkoart mei de foardracht fan Marten.
- Foardracht fjilden en materialen: Jan Bauke Bouma
Ferline jier ha wy it dien sûnder in man fan de fjilden en materialen. Mar dat foldie net. Gelokkich ha we Jan Bauke ree fûn om dit gatsje yn te foljen. Ek hjir binne de leden mei akkoart.
- Oftredend: lds de Boer, ponghâlder
Foardracht: Romine Jelsma

lds joech ferline jier al oan dat hy te folle te dwaan hie om troch te gean mei it ponghâlderskip.

Marten hat in moai wurdasje foar him. Sûnt 2019 siet lds al yn it bestjoer. Earst as man fan de fjilden en materialen en de lêste 2 jier as ponghâlder. No is der wer tiid om te klussen oan it hûs dat noch net klear is. Dêrneist bist ek alle jierren aktyf yn 'e nijjersploech wat ek altyd hiel gesellich is. lds krijt fan ús fansels in blomke en in kadobon sadat hy wat moais keapje kin foar syn hûs as it klear is.



Fakant: Algemiene lid/
oansprekpunt wedstriidkommisje

Wy soene it moai fine as der noch in bestjoerslid bykomt. Hy/Sy wurdt dan it oansprekpunt foar de wedstriidkommisje. We ha in pear minsken benadere, mar sûnder súkses. Wy steane iepen foar suggestjes.

7. Skoff

9. Stikken gearkomste KNKB op 5 april 2023

- Hammerstik 1: Automatysk op 'e wedstriidlist ferfalt
 - Foarkomme fan ynkomplete wedstriidlisten.
 - Elke keatser c.q. partoer moat him fia de webside fan de KNKB oanmelde foar alle wedstriden. De oanwêzige leden gean hjirmei akkoart.
- Hammerstik 2: Gastlidmaatskip (opjette) ferfalt
 - Troch it nije lede-administraasjesysteem kin elke oansletten feriening op 'e tiid leden yn- en útskriuwe. De oanwêzige leden gean hjirmei akkoart.
- Hammerstik 3: Ynlis foar wedstriden
 - De ynlis foar de KNKB- en de regiowedstriden wurdt lyklutsen:
 - junioaren € 4,00 (wie € 3,00 by regiowedstriid), senioaren € 6,00De oanwêzige leden gean hjirmei akkoart.
 - Keatsers kinne harren allinnich opjaan fia de webside fan de KNKB

Net akkoart: allinnich as de opjettetiid ferrommet (hammerstik 4). Dit is benammen ek foar de opjette fan senioaren by bygelyks de federaasje-partijen. Wy finke dat der dan mear meidogge. Foar de jeugd is der in foarstel op hannen om de tiid te feromjen nei tiisdei 20.00 oere.

- Hammerstik 4: Slutingstiid opjette wedstriden
 - De hjoeddeistige opjettetiden fan de KNKB (moandei 19.00 oere) wurde ek tapast by regio-wedstriden.
Net akkoart sjoch ek it boppesteande hammerstik punt 2.
- Hammerstik 5: Lidmaatskip, ôfdracht en registraasje yn lede-administraasjesysteem
 - Registraasje yn ferskillende kategoryen (A,B,C en D)
 - Donateurs (kategory C) ek registrearje?
Akkoart ûnder betingst dat der gjin ôfdracht is foar dizze groep foar no en yn 'e takomst.
- Hammerstik 6: Keatsreglemint 2023
 - Noch wol efkes meinimme de ferheging fan de ôfdracht. Der wie earst tasein dat der gjin ferheging plakfine soe mar dêr komme se op werom.

10. Punten fanút it bestjoer

- Enkête
Romine fertelt oer de enkête. Der binne in oantal fragen steld en der binne rom 30 reaksjes op kommen. De antwurden binne hiel ferskaat. We kinne dan ek wol fêststelle dat we it net eltsenien nei it sin meitsje kinne. Wol sille we as bestjoer en kommisjes wat saken oppakke dy't it measte nei foarren komme. Sa ha we bygelyks yn july in keatspartij mei handicaps.
- Training foar de kompetysje
Ferline jier hiene wy 8 trainingen ynpland foar de kompetysje op tongersdeitejûn. We seagen dat nei de feesten de opkomst te leech wie om se troch gean te litten. We woene it dit jier 6 kear dwaan oant de feesten. De kompetysje begiet dit jier op 11 maaie. De oanwêzige leden gean akkoart en der binne sels in pear dy't tasein ha te kommen.
- Koeke-aksje
Marten jout oan dat we dit jier gjin koeke-aksje hâlde wolle omdat eins allinnich de leden dy't ek al frijwilliger binne, de koeken ferkeapje. We ha dêrom ek de kontribúsje foar de senioaren ferhege. In oantal jout oan dat de bestellisten foar de koeken wol bliuwe meie. Wy as bestjoer sille efkes sjen wat der mooglik is.

- Punten fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits e.o.

Dit jier is ús keatsferiening oan bar om de gearkomsten foar de federaasje te organisearjen. De earste hat begjin maart plakfûn yn 'e Skoalleseize. Der wie nochal wat opskuor oer it mooglik oanpassen fan de regels by de regiowedstriden fan de bern. De federaasje Snits en ek noch wat oare federaasjes, ha wat ekstra regels opsteld by de regiowedstriden fan de jeugd. De regels sa't se binne binnen de federaasje Snits, jilde no foar alle federaasjes. De jeugd kin harren by ôfdielingswedstriden ek yndividueel opjaan, sy komme dan út foar de federaasje.

- We sykje noch 2 karmasters foar de wedstriid 'Bring de keatsers by it keatsen' op 17 juny. Dit kear is it moai tichtby. De manlju binne yn Boazum en de froulju yn Itens. Binne der al guon dy't sizze fan 'ja dat soe ik wol wolle'. Spitigernôch gjin reaksje.
- Ofskied kommisjeleden
 - Wedstriidkommisje: Mirjam Hoekstra en Romine Jelsma (troch Wilma)
 - Jongereinkomisje: Marijke Jellema en Johannes Hazenberg (troch Imke)
 - Sponsorkomisje: Hendrik Okkema en Tjeerd Dijkstra (troch Tjeerd en René)

WK: Wilma hâldt in wurdje foar Romine. Sy sit sûnt 2017 al yn 'e wedstriidkommisje. We sille har tige misse. Romine bliuwt wol yn it haadbestjoer oanwêzich en nimt it ponghâlderskip oer fan lds. Foar Romine is der fansels in blomke. Ek foar Mirjam Hoekstra is der in blomke. Sy wie der hjoed net by.



JK/TK: De ôftredende kommisjeleden fan de jk/tk binne der spitigernôch net. Sy krije fansels ek in blomke.

FSK: Hendrik Okkema nimt ofskied fan de FSK. Tjeerd hat in moai wurdje foar him:

Sûnt 2014 al yn 'e FSK. Mar ek yn 'e lustrum-kommisje fan it 110-jierrich bestean fan de KF. Hendrik wie de kontaktpersoan nei ús haadstiper Couperus Hydrauliek. Hy hat sa troch de jierren hiel wat sponsorjild binnen helle foar de KF. Troch de jierren hinne binne der hiel wat wikselingen west. Mar Hendrik bliuwe trou kommisjelid.

Hendrik is mei syn broer Tjerk eigener fan lean-bedriuw Okkema en sûnt minskeheugenis al stiper fan 'e KF (sa'n 45 jier!) De Okkema partij is in jierliks werommkommende partij. De lêste pear jier yn itselde wykein as de Jong-Feintepartij.

Hendrik, bist altyd posityf kritysk fanút de rol fan ûndernimmer/stiper. Kinst de saken altyd goed oersjen. Hast in beskieden miening mar kinst it goed ferwurdzje. Hast in tige grut netwurk mar bist boppeal in noflikke freon en in goed minske. Hâldst fan in goede neisit nei it fergaderjen en it keatsen.

Tige tank en wy geane der fanút dat de KF dy noch jierren as stiper, keatser ensfh. op it keatsfjild sjen sil.



Neist Hendrik Okkema nimt ek Tjeerd Dijkstra ôfskied fan de SFK. René Rijpma docht it wurd:

*Tjeerd Dijkstra,
Dêr is dan dochs de dei, dêr't wy allegear fan tochten dat dy nea komme soe...*

Tjeerd ferlit de FSK. En dat is net omdat dyn earste of twadde termyn derop sit. It is eins net normaal hoefolle terminen ast wol net sitten hast. Dit seit wol wat oer dyn loyaliteit nei KF Easterein en nei dit klupke minsken.

Neffens de argiven hast de foarsittershammer fan it HB oernommen yn april 1998 en neffens my wie dat fan dyn broeder Tymen. Dat is op in pear dagen nei, 25 jier lyn.

Do hast it stokje oerdroegen oan Germ Kooistra yn maart 2009. Yn dat jier beslút it bestjoer dat se dy it earelidmaatskip ta ha wolle. Neffens de argiven komst yn datselde jier as foarsitter yn de FSK.

Mar neffens my binne de argiven hjir net hielen-dal akkuraat... Neffens my is de FSK nammentlik ûntstien fanút de jubileumkommisje dy't yn 2004 it 100-jierrich bestean fan KF Easterein organisearre hat. Ik stel my sa foar dat dy yn 2003 oprjochte is. Dat betsjut dat we no 20 jier fierder binne. Dat is foar in trochsnee persoan ûngefear in kwart fan syn libben. Dêr kinne je miskien better mar net te lang by stil stean.

Dêrneist wiest foar HB-leden altyd beskikber foar ried en died. Sa heucht my, dat as wy it efkes net mear wisten, Mattie sei: Ik freegje Tjeerd wol efkes hoe't it sit. Datst in bestjoersfunksje binnen de KNKB hiest, wie dêrby ek bêst wol handich. Oarsom wie dat trouwens ek sa. Mattie moast regelmjittich efkes út 'e keamer komme as wy wer ris in FSK-gearkomste hiene op Wynserdyk 10c.

Ik ha begrepen dat der in opfolger stiet te popeljen om dyn funksje binnen de FSK oer te nimmen, dus de kommende 20 jier binne ek wer dutsen. Do kinst dus mei in gerêst hert ôfskied nimme.

Tjeerd, út namme fan it bestjoer en de FSK: Tige tank, en wy hoopje dy, nettsjinsteande jimme ta-komstplannen, noch faak yn Easterein op it keatsfjild te sjen.





- Nije kommisjeleden
 - Jongereinkommisje:
 - Trynke Draaijer (kompetysje)
 - Martina Kooistra (trainingskoördinator)
 - Wiepkje Sijbesma (wedstriden)
 - Finansjele- en stipekommisje:
 - Abe Jan Stegenga
 - Dirk-Yde Sjaarda
- Fakatueres: stân fan saken
 - Jongereinkommisje:
 - len foar de TK jeugd/senioaren
 - Keatskampkommisje:
 - len ta ferfanging fan Sieta Tessemaker

11. Wedstriidaginda

Alle oanfangstiden binne noch net definityf. Mar fierder is der dizze simmer wer in fol programma.

21 partijen yn totaal :

- 7 ledepartijen senioaren
- 6 ledepartijen jongerein
- 1 federaasjepartij senioaren
- 1 federaasjepartij jongerein
- 5 KNKB partijen
- 1 Boeren-PC

12. Omfreegjen

- Imke: peloten. Reahûs hat der wol earen nei. Kinne we ek oanslute by de federaasje littens? It is net fergees en we wolle it wat frijbljuwend en leechdrompelich hâlde. Ids soe der wol wat yn betsjutte wolle.

- Tymen: Tige tank foar de moaie oantinkens nei it ferstjerren fan Talitha.
- Dirk-Yde: Soe graach ek wol in keatsmuorre by de pannekoai ha wolle. Hat it bestjoer dêr ek oan tocht? De betinkers ha pas krekt lyn kontakt mei ús socht oer de lokaasje fan de pannekoai. Mar we nimme it mei yn de bestjoersfergadering.
- Marten: Brûns foar Corrie Kroondijk. En letter helle se ek noch goud!

13. Sluting

Marten betanket eltsenien foar harren komst.

As ôfsluting is der noch in hapke en in drankje, fersoarge troch de PR kommisje.

Wedstriidseizoen 2023

Samar alwer in jier foarby! We ha in tige slagge keatsseizoen efter de rêch; in folle wedstriidaginda mei in soad dielname. Dêr dogge we it foar as wedstriidkommisje.

Mei in protte frijwilligers wiene de KNKB wedstriden goed beset kwa karmasters, tige tank dêrfoar! Foar takom jier stean de KNKB wedstriden alwer fêst; we ha 5 KNKB wedstriden tawezen krigen wêrûnder de manlju 50+. Dêr binne we grutsk op! We sjogge der dan ek nei út om alle matadoaren fan Easterein dy dei op it fjild te sjen.

Dizze winter ha we, yn gearwurking mei it haadbestjoer, mei in krityske blik nei de wedstriidaginda sjoen. Dat sil in pear wizigingen jaan foar it nije seizoen. Dat sjogge jim fansels op de ledegearkomste en/of yn de programmapolder. Mocht immen in idee ha foar de wedstriidaginda, lit it dan foaral witte.

Jelmer hat oanjûn út de WK te gean, spitich mar we tankje him foar syn ynset! Op it momint fan skriuwen binne we drok op syk nei in opfolg(st)er. Mei it nije kommisjelid sille we dan sjen hokker taken him/har it bêste pasje binnen de WK sadat de funksje passend is. De fleksibiliteit binnen ús kommisje is grut dus dêr komme we altyd út ☺.

Oant sjen op it keatsjild yn 2024!

Ut namme fan de wedstriidkommisje,

Wilma Sjaarda, Tineke Kamstra,
Wietze Vink en Jelmer Hazenberg



Keatsen 2023, troch de bril fan de jongereinkommisje

As jongereinkommisje meie ek wy wer werom sjen op it ôfrûne seizoen en dat dogge we dan ek graach. In seizoen mei wat wikselingen binnen de kommisje, mar dêrneist en dêrmei ek moaie stappen foarút. De goeie rjochting om kommand seizoen op fierder te bouwen.

De sealtrainingen ha foar de ôftraap fan it keatsen soarge. Mei de moaie en praktyske flyer derby, dêr binne we noch altyd wiis mei. Dêr't we normaal altyd mei it keatskamp begjinne, stie dizze no as ôfsluter op it programma.

Wat ha we by de ein hân?

Geandewei it seizoen ha we neist 15 kompetysjewedstriden, 1 jongerein-aktiviteit tidens it Eastereiner keatswykein noch 6 wedstriden hân foar de bern. De kombinaasjewedstriid mei de senioaren ha we faker ynsetten as foarhinne en dit liket in súkses te wêzen.

De gearwurking mei Wommels hie ek wer in plakje yn û.o. de kombi-wedstriden, mar ek by it keatskamp. Foar de pupillen en skoaljongerein wie de kombinaasje fan trainen en kompetysjekeatsen dit jier yn Easterein. Kommand jier sil dat wer yn Wommels plakfine. Nei de evaluaasje mei Wommels is der besluten om de gearwurking mei harren troch te setten. Der binne noch wol ferbetterpunten op ús beide listkes, mar de kânsen en it positive ha de oerhân en dat is it wichtichste.

Dêrneist freget de federaasje-partij foar de jongerein alle jierren altyd aardich wat fan de ynset fan de organisaasje en de frijwilligers. It is dêrom noch moaier as dizze wedstiid rint mei beide fjilden hielendal fol keatsende bern. In prachtich gesicht en wat meie we dêr wer grutsk op wêze!

Hoe stiet it derfoar by de JK?

- Martina Kooistra is entûsjast begûn as trainingskoördinator en hat har earste seizoen der al wer opsitten. Op nei it folgjende!
- Trynke Draijer hat it stokje oernommen fan Marijke om it kompetysjekeatsen foarm te jaan. Se is der mei in soad wille foar gongen en hat dêrmei in moaie start makke.
- Wiepkje Sijbesma is yn de KF net ûnbekend, sy hat der foar keazen om by de JK oan te heakjen en dan foaral om de lieding by de wedstriden op te pakken.
- Sietske Okkema hat ôfrûne jierren har paadsje skjin makke as TK en skriuwer, mar giet no wer fierder mei oare útdagingen. Tank foar dyn nuchtere blik op allerhanne saken en help yn de JK/TK.
- De jierren sieten der ek op foar Marit Kuperus. Dochs hat se noch taken op har nommen om in stikje wurk by de oaren fuort te heljen, super! Tank foar dyn belutsenheid en trochpakken binnen de JK.
- Peter Stuiver bliuwt tegearre mei Wiepkje syn ding dwaan yn de JK en dan foaral tidens de wedstriden. Ek al is Peter dit jier wer heit wurden, dochs hat hy noch bysprongen by it jaan fan de trainingen en by it kompetysjekeatsen. Sa meie we it graach sjen.
- De tekst fan ôfrûne jier koene we stean litte: 'Ek dit jier koe Klaas Sixma it net litte om dochs noch in ekstra jier yn de JK te bliuwen. Kommand jier dan wierskynlik dochs in stapke werom? Fansels sille we him wer tsjinkomme op de fjilden'. We binne wiis mei Klaas en we sille sjen hoe't it komt.
- Imke van der Leest wie foarrich jier noch neamd as tydlike foarsitter, mar dat liket dochs in langer duorjende útdaging te wurden.



Dan noch wat koarte 'weetjes' op in rige:

- De fessebon-aksje by de Jumbo hie dit jier in oare foarm en wie oan de ein fan dit jier. De opbringst hjirfan wie: €134,40. Ien ding is wis: alle bedraggen soargje yn elts gefal foar in moaie bonus foar ús feriening!
- Nei it foargeande súkses koene de gekke kykjes op de âlder-bernpartij net efter bliuwe!
- Yn ús Eastereiner wykein hiene we de freedts in moaie ynfolling jûn. Dizze kear mei aktiviteiten troch it doarp. Folop aksje en genietsje!

Alle trainers, fjildlizzers, fjildmeaners, minsken efter de tillegraaf, wedstriidbegelieders, blokjerinners, barminskens, patatbakkers en oare entûnsjastelingen en helpende hannen: **Tige tank foar jim ynset!**

Graach sjogge wei jim wer yn it nije seizoen yn it foarjier fan 2024!

De Jongereinkommisje,

Klaas, Marit, Martina, Peter, Sietske, Trynke, Wiepkje en Imke

Priiswinners kompetysjekeatsen 2023

Kabouters: 1e priis: Harmen Joustra
2e priis: Sven Sijbesma
3e priis: Folkert Joustra

Welpen: 1e priis: Jelke Sijbesma
2e priis: Elin Stoffelsma
3e priis: Iris Bosgra

Pupillen: 1e priis: Marrit van der Weij
2e priis: Fenne Sijbesma
3e priis: Berber Sijbesma

Skooljeugd: 1e priis: Brecht Stegenga
2e priis: Pieter Age v/d Weide
3e priis: Sander Velzen

De gekke kykjes op



de âlder-bernpartij



Keatsen fan it jier 2023



Ja, keatsen fan it jier, wa hie dat tocht... ik net!

Ik tink dat it komt omdat ik faak kompetysje keats en altyd mei de oare 'fytte futters' de perken lis.

En ik bin wol ien dy't alle wykeinen de KF fertsjintwurdiget by de 50+ keatspartijen.

En dit jier ha ik de kompetysje wûn.

En ik hie 10 krânsen oan 'e muorre.

En myn pakesizzers ha hooplik ek goed foar my stimd.

Ik bin der dochs wol hiel wiis mei dat ik dit op myn 72-ste noch meimeitsje.

Roel Sijbesma

PR-kommisje 2023

Lykas alle jierren is dit (keats)jier ek wer foarby flein! De webshop rint no al in skoffke en we sjogge hieltyd mear keatsers yn ferieningsklean fan de webshop rinnen, draven of keatsen. Fansels sille wy as PR-kommisje alle jierren wer ús bêst dwaan om der nije en hippe keatsklean op te setten. Dit jier ha wy de opdracht krigen om nije reinjassen foar de KF út te sykjen, dêr geane we ek wer mei in soad wille mei dwaande.



De PR rûnom de Jong-Feintepartij is faak ús grutste put (neist it jierferslach fansels). Alle jierren besykje we wer wat nije dingen út. Dit jier hiene we flachjes fan Rikkert de Kikkert en trije moaie "beachflags" rûnom it fjild. As PR-kommisje fûnen wy it der moai útsjen. Dit jier ha we wer by de yngong sitten om alle minsken te ûntfangen, we ha dêr ek gelyk lotsjes ferkocht foar de ferlotting, boppedat ha we ek noch wat KF "merchandise" útdield, it foel wol yn 'e smaak.

De ferlotting fan de Jong-Feintepartij wie ek wer in grut súkses. Akke Jikke folget al wiken foar de Jong-Feintepartij de folders fan ferskate winkels, want we wolle altyd leuke prizen ha. En it tafal wol ek noch dat Froukje de haadpriis wûn hat.

It jierferslach is wolris dreech om te foljen, dus as jim ris in wedstriidferslach, foto's of oare nijtsjes oer in keatswedstriid ha, jou dit dan troch oan de webredaksje fan de KF. Dit kinne wy dan ek wer brûke foar it jierferslach.

Takom jier geane we wer mei in soad wille foar de Keatsferiening oan de slach. Spitigernôch hâldt Judy der nei fjouwer jier mei op, ek Greet Jorritsma hat nei 8 jier oanjûn dermei op te hâlden, we moatte dus opsyk nei 2 nije kommisjeleden.

Wy winskje jim wer in sportyf, gesellich en machtich moai nij keatsjier ta yn 2024.

Mattie, Froukje, Akke Jikke, Jetske, Greet en Judy



7.8.9 JULY 2023
EASTEREINER KEATSWYKEIN

FREED 7 JULY 2023 | JEUGDJÛN (18.00 OERE)
FOAR ÚS EASTEREINER JEUGDLEDEN

SNEON 8 JULY 2023 JONG-FEINTE PARTIJ (10.00 OERE)
SPRINGKESSEN, MUZYK & FERLOTTING!

SNEIN 9 JULY 2023 | OKKEMA PARTIJ (11.00 OERE)
LIVE MUZYK FAN SYTSE HAIMA!

WWW.KFEASTEREIN.NL



Fjilden en Materialen

Efkes foarstelle... myn namme is Jan Bouke Bouma, as it wurk it ta lit bin ik der altyd by mei it kompetysjekeatsen en keats ik mei de measte ledepartijen ek mei.

It HB wie op syk nei in man foar de fjilden en materialen, no kamen se foarrich jier nei it keatsseizoen nei my ta om te freegjen oft ik ek yn it HB woe. Dêr hoegde ik net oer nei te tinken, it wie gelyk ... ja.

Mei de 'fitte futters' ha we in groepsapp, as der wat barre moat, bygelyks fjilden lizze of oare dingen dan oerlizze we dat en sjogge we wa't der by wêze kin. Sa ha we der in moai keatsseizoen fan makke.


Der binne dit jier nije ballen en linen oanskaft. Ek it materialehok is neisjoen en wer kreas oprimme. Foar it nije keatsseizoen moatte der noch in pear dingen barre.

Ofrûne jier moasten we ek ôfskied nimme fan in 'fitte futter', Jouke van der Weij is yn april ferstoarn. We sille him misse en winskje de famylje in soad sterkte ta.

We hoopje der yn 2024 wer in moai keatsjier fan te meitsjen.

De Fjilden- en
Materialekommisje,

Jan Bouke Bouma



Finansjele- & stipekommisje



Haadstiper K.F. Easterein



Haadstiper Jong-Feinte



KF EASTEREIN BETANKET ALLE STIPERS!

Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

En dan is it alwer 2024. It keatsseizoen 2023 leit al wer in tiid efter ús en it begjin fan it seizoen 2024 stiet alwer foar de doar. Mar earst noch even werom sjen. It seizoen begûn mei ús tradisjonele iepener 'de Keningsdeipartij'. Der is keatst yn trije klassen en it wie in moai begjin. Dit jier stiene der twa nije partijen op it programma. De earste wie in ledepartij mei 'hindernissen'. De opjeffe bleau wat efter, want minsken wisten net wat se derfan ferwachtsje moasten. Dêrom is der op it lêst besletten om it om te goaien nei in 'gewoane partij', doe wie der dochs noch in goede opkomst. Dêrneist stie der in ledepartij foar jeugd en folwoeksenen op de agenda. Tagelyk in wedstriid keatse, sadat je byinoar sjen kinne. Ek dit jier wie der wer in Eastereiner keatswykein. Tige slagge, mar de gearwurking kin noch better. It keatskamp wie dizze kear oan de ein fan it seizoen en waard kombinearre mei it nachtkeatsen fan de jeugd. Op 10 septimber hiene we alwer de lêste partij fan dit seizoen. By dizze slotpartij ha we de jeugd wer kombinearre mei de folwoeksenen. It wie net in waarme dei, mar it wie HYT. Troch goed op inoar te passen, wie dit gjin inkeld probleem en nei trije listen en ferskillende huldgingen, wie it tiid foar pizza. Dêr hie eltsenien wol sin oan, want der binne 97 pizza's trochhinne gien.



Resultaat

De aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden yn 2023, binne nei reservearrings en opnames út de reservearrings, mei in negatyf netto resultaat fan -€ 1.428 ôfsletten. Dit wylst der in negatyf resultaat fan -€ 3.674 begrutte wie. It ferskil sit der ûnder oare yn dat we ferskate reservearrings fuort boekt ha.

It resultaat kinne je opdiele yn organisaasje en wedstriden. Op de organisaasje is it resultaat -€ 1.280, yn fergelyking mei de begrutting fan -€ 749. It ferskil sit foaral yn de opbringsten. It keatskamp is djoerder útfallen as begrutte. It giet om it jubileum-jier en dit is noch net goed ferrekkene mei KF Wommels. Dit jier sille we dat yn it foar fêstlizze. Dêrneist is de reservearring fan € 1.000 yn de begrutting meinommen as opbringst organisaasje, mar is it ôfboekt as kosten wedstriden. Ek binne der minder kosten makke. Foaral de kosten op materialen foelen ta. Wylst der goed ynvestearre is yn nije ballen.

It resultaat op wedstriden is -€ 148, wylst der -€ 2.925 begrutte wie. Der is mear jild ynkommen en de kosten wiene leger. Troch it ôfboeken fan reservearrings binne de opbringsten tanommen. Fierder binne der kosten boekt op wedstriden hokker begrutte wiene as organisaasje. Dit makket neat út foar it einresultaat. Der is rom € 800 minder jild útjûn oan krânsen. Dit komt omdat der 1 wedstriid net trochgien is en omdat der yn minder klassen keatst is.

De rekken fan 2023 wurdt op de foarjiersgearkomste op 20 maart presintearre yn 'e Skoalleseize.

Finansjele posysje en reservearrings*

Yn 2023 binne der gjin reservearrings dien. Wol is der foar keazen om de ferskate noch iepen steande reservearrings ôf te boeken. Fierder is der € 1.000 opnommen út de reservearring fan de Jong-Feintepartij. De reservearring fan de omheining is net mear nedich, der binne yn 2023 nije mjittinten oanskaff en it restant is ôfboekt. It startkapitaal foar de generale fan de Frouljus PC is dit jier opnommen út de begrutting omdat der gjin finansjele gearwurking mear is mei KF Wommels oangeande dizze partij en oangeande de Keats-off. It bedrach fan € 400 foar it keatskamp-lustrum is ek meinommen yn it resultaat.

De balâns fan de reservearrings sjocht der dan sa út:
€ 4.825 foar nije klean

€ 2.000 foar de Jong-Feintepartij 2024 en 2025

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearings, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein der nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 oan te hâlden. Yn de grafyk 'Untwikkeling Eigen Fermogen KF Easterein' dêr't sûnt 2019 ek in boppegrins fan € 25.000 yn oanjûn is, is te sjen dat dizze 'grins' yntusken al trochbrutsen is. Dit jier is der ynsetten op it ynvestearjen fan materiaal, sadat it jild werom giet nei ús leden. Der binne 100 nije ballen oanskaff en nije linen. Dêrneist ha we by de slotpartij keazen foar pizza's. Ek hat de PR-kommisje beachflaggen oanskaff foar in moai útstrieling fan de KF Easterein. Mei hjirtroch is der yntearre op it eigen fermogen, mar de grins moat fansels net it doel op sich wêze.

* It dwaan fan in reservearring soarget foar in delgong fan it resultaat en it eigen fermogen sûnder it banksaldo te beynfloedzjen, wylst in opname út in reservearring soarget foar in delgong fan it banksaldo sûnder dat dit it resultaat en it eigen fermogen beynfloedet.

Begrutting 2023

De begrutting fan 2024 hat fierder breide op de realisasje fan 2023. We moatte kommand jier rekken hâlde mei ekstra kosten yn ferbân mei de oanskaf fan nije reinjassen. Fierder is der ek wer in sponsorjûn. We gean der fanút dat de enerzjyrekken wol wat leger wurdt, mar noch altyd in behoarlik bedrach wêze sil. Dêrneist stean der twa jeugdaktiviteiten op de agenda. Tidens it keatskamp komt der in keatsclinic en mei it Eastereiner keatswykein is der op freedtejûn in programma foar de jeugd. De begrutting sil op 'e ledegearkomste fierder taljochte wurde.

Stipers

We binne bliid dat al ús stipers wer tasein ha om ús te stypjen. Tige tank foar jimme stipe. Yn 2023 is de stiperspartij net troch gien, wêrtroch't der gjin sponsoraktiviteit west hat. Yn 2024 stiet der in sponsorjûn op de agenda, dit sil plakfine op 21 juny.

Aksjes

Yn 2023 is der gjin koeke-akje west. Yn 2024 wolle wy dizze ferfange troch in krystpakket-aksje fan Poiesz. De Rabo Clubsupport-aksje hat in bedrach fan € 581,02 opsmitten. Fierder hat de ferlotting fan de



slotpartij in moai bedrach fan € 330 opsmitten. Dit is hast € 250 mear as yn 2022. De ferkeap fan hamburgers by de Okkema partij wie yn 2023 wol posityf en hat € 217 opsmitten.

De aksjes ha yn 2023 in totaalbedrach fan € 1.817 opsmitten:

€ 581	Rabo Clubsupport
€ 56	GEKE
€ 330	Ferlotting Slotpartij
€ 418	Ferlotting Jong-Feintepartij
€ 134	Flessebonaksje Jumbo
€ 217	Hamburgers Okkema partij
€ 81	Keatskamp

De ponghâlder

En dan sit myn earste jier as ponghâlder der op. Wat in útdaging, mar wol hiel leuk om te dwaan. Fansels skrikke je as je yn de stêd rinne en dan belle wurde mei de fraach hoe let oft de slúfkes mei jildprizen brocht wurde, want de earste klassers binne hast klear. Oeps, dy mail hie ik mist. Mar ek dat wie samar oplost. It Excel-bestân dêr't de boekhâlding yn stiet, is hiel grut en útwreide, mar ik wurd der hieltyd handiger mei. Gelokkich stiene René Rypma en lds de Boer altyd foar my klear as der noch fragen wiene. Fierder hat René my holpen om de jiersifers te meitsjen. Hjirfoar myn tank.

Al mei al fûn ik it leuk en learsum om ponghâlder te wêzen en it joech in nije prikkel. Fansels binne der ferbetterpunten, mar dat sjoch ik as in moaie útdaging foar 2024. Ik ha der sin oan. We kinne 2023 ôfslute en no mei frisse moed wer oan it nije jier begjinne.

Romine Jelsma






Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	-1.280
Wedstriden	-148
Totaal	-1.428

	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020	2021	2022	2023	
Kas	44	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410	284	737	1.535	887	1.374	1.692	2.028	2.958	1.342	
Bank	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307	10.196	17.065	18.563	15.803	
Sparekken	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000	25.000	20.000	15.000	15.005	
Oerrinnende posten					-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596	530	1.293	623	79	175	350	
Munten (\$K3)															450	341	303	459	443		
Reservearings											1.300	3.900	4.796	10.896	11.994	12.093	10.593	12.281	9.611	4.824	
Eigen fermogen	24.041	14.542	14.444	9.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.496	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567	14.484	23.330	27.240	27.194	27.545	26.117	
Resultaat	20.991	-7.479	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310	1.376	-840	1.917	6.846	3.930	-66	285	-1.428	
Boppegrins						25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000
Undergrins						10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000



Eksploitaasjerekken 2023

Saldy	31-12-2022	31-12-2023	Resultaat
Kas	2.958	1.342	-1.617
Betelrekken NL17 RABO 0349 5019 04	18.563	15.803	-2.760
Sparrekken NL62 RABO 3495 1248 61	15.000	15.005	5
Munten SKS	459	350	-109
Oerrinnende posten	175	443	268
Totaal	37.155	32.943	-4.212 (Bruto)

Baten	Rekken 2023
Ynkomsten partijen	2.943
Stipersjilden	11.479
Kontribúsje	7.206
Trainingen (seal/fjild)	628
Donateurs	1.198
Aksjes	2.352
Subsydzje Gemeente	0
Subsydzje Bydragen	1.082
Kreditrinte	0
Keatsclinics	35
Ferskaat	1.022
Totaal	27.943



Lêsten	Rekken 2023
Krânsen	2.049
Prizen	7.122
Organisaasjekosten wedstriden	4.638
Hier sporthal	288
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	1.762
Hier oare saken	0
Trainers	595
Ferieningskosten	6.393
Aksjes	818
Materiaal	2.363
Federaasje	100
K.N.K.B.	3.243
Totaal	29.371
Resultaat (Netto)	-1.428
Reservearrings foar 2023	0
Opname út reservearrings	2.785
Resultaat Bruto	-4.212

Ferklearring kaskommisje 2023

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei Romine Jelsma, de ponghâlder fan KF Easterein yn 2023, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn.

Hjirmei geane wy akkoart mei it finansjele ferslach oer it jier 2023 fan de Keatsferiening Easterein.

Easterein, maart 2024

De kaskommisje,

Vera de Vries & Tymen Dijkstra

Keatskamp 2023: 'Bisteboel'





Op 'e Skille 29-08-2023



Tsiende Keatskamp Easterein grut sukses

EASTEREIN - Foarige wike freed en sneon hold de Jeugdkommisje fan KF Easterein in keatskamp foar de kabouters o/m de skoaljeugd op De Skoalleseize yn Easterein. Dit as ôfsluting fan it keatsseizoen. Dit jier yn gearwurking mei KF Wommels. Krapoan 40 bern hienen har opjûn foar dizze dagen.

Troch Anna Marie Wijnia-Kuindersma

Sneontemoarn kom ik op De Skoalleseize. Op ferskillende plakken dogge de bern yn groepkes spultsjes. De jeugdkommisje wurdt holpen troch ferskillende frijwilligers. De bern binne rêstich, mar dat komt fan de koarte nacht. Bûten stean twa grutte springkessens.

Sanne Frouk Dijkstra (12) en Lotte Kuiper (10) binne al faker op keatskamp west. Freedtemiddei moast by oankomst earst alles nei it sliepplak brocht wurde. De jonges boppe yn de peuterseal, de lieding yn de grutte seal, de famkes yn de bestjoerskeamer. Sanne en Lotte keatse al fan harren 6e jier ôf. Ik freechje harren wat der no

aardich is oan keatsen.

Sanne: "Ik fyn de wedstriden leuk. In partijsje keatse is gewoan aardich. Je hawwe alle kearen oare maten, soms ien dy't je net sa leuk fine, mar ik bliuw dan gewoan trochpraten, je moatte net stilwêze. Dit jier haw ik net ien krâns wûn. Ik train yn Easterein en in Goaingea by Keatsfan. It opslaan kin wolris sear dwaan, foaral as je de bal op de fingerseinen krije." Lotte: "Ik train allinnich thús, want de keatstraining is tagelyk mei it hynsteriden. It opslaan is dreech. Ik gean noch net fuort te keatsen, spylje allinnich yn Wommels en Easterein. Myn want is eins te lyts, de fingers sitte der krom yn, mar oare jier krij ik in nije want. Keatsen is leuk, je binne mei-inoar en lekker bûten."

Keatskamp

Der soe in keatsclinic foar de jeugd wêze, mar dy waard freedtemoarn ôfbelle. Dêrom hat de lieding de training sels oppakt. Oerdei spultsjes en de jûns nachtkeatsen. Sanne: "Dat wie wol leuk, wy keatsten mei in grutte bal. Eins wat te grut foar ús hannen. Nei de mini-disco en stuolledûns mochten wy op bêd." Lotte: "Ik woe wol graach nei bêd, want dan koene wy it spultsje 'Doen-Durf-Waarheid' dwaan. As je in fraach krije moat je dy earlik beânderje. By 'Doen en Durf' betochten wy allerhanne opdrachten. De lieders kamen faak by ús, want wy praten te lûd." Om seis oere hawwe wy de lieding mei in kessengefjocht wekkermakke."

Sneon wienen der noch allerhanne spultsjes en, as ôfsluting pankoecken foar elkenien.



Links Lotte en rjochts Sanne Frouk



Sneon 8 july 2023: de 18e Jong-Feintepartij

Dronryp 1 mei de keatsers Jorrit Nanninga, Jorn Lars van Beem en Rick Minnesma winne de 18e edysje fan de Jong-Feintepartij yn Easterein! Dat de waarmte de keatsers yn it liif sit wie dúdlik en seker net frjemd. Dronryp 1 hie ôfrûne jier al in spannende finale keatst mei alles oan 'e hang. Sy wiene perfoarst út op revâns. Mei dúdlike sifers winne sy dizze partij; 0-5:2-6.

Op dizze 18e edysje waard der keatst mei in totale prizepot fan wol € 4000,-. Hiel wat om foar te striden, as de eare al net genôch wêze soe. Op de list stiene 24 partoeren fan 23 ferskillende ferienings, in moai gemiddelde fan ús dielname troch de jierren hinne. It wie waarm keatswaar. Boppe de 30 graden, dit soarget

foar ekstra maatregels. Ekstra katering-rondes, tinten foar mear skaad, langere pauzes foar de keatsers en wettertappunten foar it foljen fan de wetterfles of gewoan om der ûnder te stean om ôf te kuoljen. In dikke plom wer foar alle karmasters, blokjerinners en oare frijwilligers dy't hjoed de hiele dei yn it spier wiene.





Dronryp 1 keatst de earste omloop tsjin St. Jabik en wint dit mei 0-5:2-6. Yn de twadde omloop treffe se Wommels, mar ek dit einiget yn 5-0:6-6. Dêrnei wurdt it wat dreger, Boalsert wurdt ferslein mei 4-5:4-6. Menaam is de tsjinstanner yn de heale finale. Sy wiene dizze dei in stille krêft, mar no binne se útkeatst. Op 5-1:6-2 slacht Dronryp 1 in sitbal. De 3e priis is foar Menaam mei de keatsers Youri de Groot, Mark Polstra en Douwe Palsma.

Dronryp 1 dinderet fierder, it sit der spitigernôch net yn foar Wylmarsum, op 0-5:2-6 makket Dronryp 1 de partij

yn styl út mei in boppeslach. Mei 4 tsjin-earsten wiene se hjoed oppermachtich. Dochs in moaie 2e priis foar Jari Visser, Redmer Zaagemans en Colin Baarda fan Wylmarsum.

PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2023

- 1. Dronryp 1** (Jorrit Nanninga, Jorn Lars van Beem en Rick Minnesma)
- 2. Wylmarsum** (Jari Visser, Redmar Zaagemans en Colin Baarda)
- 3. Menaam** (Youri de Groot, Mark Polstra en Douwe Palsma)



Wedstriidferslaggen

LEDE- EN FEDERAASJEPARTIJEN

27-04-2023: Keningsdeipartij – Oranje & Heitelân

It keatsseizoen gie hjoed wer fan start! En wat siet it waar ús mei; nei alle rein en wyn fan de ôfrûne tiid, hjoed in heartlik sintsje en gjin wyn/rein, prachtich keatswaar. Elts koe syn/har hert wer ophelje mei it lytse baltsje. De stramme spieren krigen der wol fan lâns mar de wille wie der net minder om. Der waard flink striden om de hage!

De priiswinners fan hjoed:

Manlju A klasse

1e priis: Rémon Tie Bouma
Jan Vellinga
Sipke Hiemstra

2e priis: Bote Jellema
Christian Hoekstra
Jelmer Hazenberg

3e priis: Ids de Boer
Tjeerd Dijkstra
Stefan van Krimpen

Manlju B klasse

1e priis: Ype Tiemersma
Hendrik Okkema
Wietse Ligthart

2e priis: Abe Jan Stegenga
Meile Kuiper
Jan Bouke Bouma

Froulju

1e priis: Gabriële Bouma
Julia Paauw
Petra Jellema

2e priis: Wiepkje Sijbesma
Brecht Stegenga
Geja Hofstee

12-05-2023: Jongerein keatswedstriid yn Wommels

Freed ha we in slagge jeugdwedstriid hân yn gearwurking mei keatsferiening Wommels. Foar Easterein wiene de welpen, pupillen, skoaljeugd en jonges/famkes útnûge. Hjirûnder de priiswinners. Lokwinske allegear!

Welpen

1e priis: Tymen Bults en Lisa Hoogstra
2e priis: Tymen Stenekes en Elle Flisijn
3e priis: Redmer Politiek en Veerle Peeters
4e priis: Ids van Wijngaarden en Anne Rispens

Pupillen

1e priis: Evy Wijnia en Tryntsje de Jong
2e priis: Rutmer Jellema en Fenne Sijbesma

Skoaljeugd

1e priis: Elisah de Boer en Zenn Hoitinga
2e priis: Brecht Stegenga en Inez de Jong
3e priis: Sietse Jellema en Lieke Delfsma





21-05-2023: Ledepartij

De earste ledepartij fan 2023. Moai waar en mei in opkomst fan 22 leden is alles oanwêzich foar in prachtige keatsdei. Der wurdt in gewoane list ferkeatst. De bedoeling wie om hjoed te keatsen mei 'hindernissen' mar dizze ha we skrappt. Wol ha we oer de hiele dei lekkere hapkes útdield.

Der is de hiele dei moai keatst mei spannende en minder spannende partijen. Yn de finale kaam partoer 4 tsjinoer partoer 8. Partoer 8 hie de hiele partij in foarsprong, mar partoer 4 woe net opjaan en bleaun by. Op 5-5 pakten se de foarsprong en wûnen lang om let mei 5-5:6-4. De krânsen binne dan ek foar Wietse Vink en Johan van Abbema. Partoer 8 mei Julian Faber, Tjerk Okkema en Sander Velzen gie mei in moaie 2e priis nei hûs.

Yn de ferliezers-finale pakte partoer 5 in foarsprong fan 5-2, mar partoer 1 mei Hendrik Kuiper, Froukje Dijkstra en Eppie Heins 'sputtere' behoarlik tsjin, mar

moast op 5-4:6-6 dochs belies jaan. Hjirtroch is de 1e priis by de ferliezersronde foar partoer 5 mei lds de Boer, Marije Schurer en Karin Sjaarda.

De priiswinners:

1e priis: Wietse Vink
Johan van Abbema

2e priis: Julian Faber
Tjerk Okkema
Sander Velzen

Ferliezersronde

1e priis: lds de Boer
Marije Schurer
Karin Sjaarda

2e priis: Hendrik Kuiper
Froukje Dijkstra
Eppie Heins





28-05-2023: Pearkekeatsen

Hjoed wie wer it tradisjonele pearkekeatsen. Yn 2 klassen waard der fanatyk striden om de prizen. Troch in ferjitten opjefte en in yn alle hasten opropjen par-toer (sadat de listen dochs moai kompleet wiene) moast der noch in perk bylein wurde én troch it wat let ferskinen fan in sekere H. Kuiper koene rûn 12.30 oere de earste ballen slein wurde. Hjiûnder de priiswinners.

A klasse

1e priis: Bote Jellema en Ymkje van der Hem
2e priis: Bauke Dijkstra en Richt Fokkens

Ferliezersronde

1e priis: Jan Schurer en Marije Schurer
2e priis: Hendrik Kuiper en Froukje Dijkstra

B klasse

1e priis: Christian Hoekstra en Karin Sjaarda
2e priis: Tjerk Okkema en Tryntsje Kooistra



10-06-2023: Ledepartij jongerein

Hjoed wie der in ledepartij foar sawol de jeugd as de senioaren. In moai konsept, mei-inoar op it fjild! Alle jeugdleden moasten likefolle keatse en dan mar ôfwachtsje wa't de measte punten hat. Dat sit soms ticht byinoar... mar foar dizze earste ledepartij is der gelokkich foar eltsenien in priis!

Kabouters

1e priis: Harmen Joustra, Benthe Stoffelsma en Gerrit Jellema
2e priis: Stijn Kuiper en Hielke Tuinstra
3e priis: Meike Overwijk en Wout Dijkstra
4e priis: Sven Sijbesma, Folkert Joustra en Djurre Faber

Welpen

1e priis: Elin Stoffelsma
2e priis: Hieke Jellema
3e priis: Iris Bosgra
4e priis: Lotte Kuiper



Pupillen

- 1e priis: Femke Paauw en Trynysje de Jong
2e priis: Jelke Sijbesma en Berber Sijbesma
3e priis: Fenne Sijbesma en Bauke Jan Dijkstra
4e priis: Marrit van der Weij en Sanne Frouk Dijkstra



10-06-2023: Ledewedstriid

Tsjin 12.00 oere melde de keatsers harren om sich fannemiddei yn it swit te jeien. Foardat we los geane mei it keatsen wie der earst in fotomomint. Henk Bootsma makke in moaie foto om alle keatsers yn de nije ôfdielingsshirts, fêst te lizzen.

It wie in gesellige drokte op it terras mei alle jongerein en âlderein trochinoar. We soene 12.00 oere los gean, mar dat slagge net, sa as wol faker by ús yn Easterein 😊. Rûn 12.20 oere wurdt de wedstriid iepene en 10 minuten letter kinne de keatsers los. By sawol de manlju as de froulju wurdt in list fan 6 partoeren ôfwurke fia it 'Sneker systeem'. Alle keatsers kinne sa moai 3 omlopen keatse.

Manlju

De manlju hiene der nocht oan en hâlden de gong der aardich yn. It advys om goed te drinken ha se goed opslein, want goed 16.15 oere binne de trije omlopen al ferkeatst en kin de neisit al begjinne. Op it terras, yn it skaad, kinne se ûnder it genot fan in drankje noch moai in omloop genietsje fan it frouljus keatsen, want dêr waard noch om raak striden.

Nei twa omlopen ferkeatst te hawwen wiene der twa partoeren dy't beide twa omlopen wûn hiene. De lotting bepaalde dat ek dizze twa partoeren de tredde omloop tsjin inoar moasten, dat kaam moai út. In echte finale dus. It partoer fan Julian Faber, Abe Jan Stegenga en Tjerk Okkema hie gjin meilijen en liet dúdlik sjen dat sy hjoed de bêste wiene. Sy wûnen de tredde omloop tsjin Rémon Tie Bouma, Jelle de Boer en Bas van der Weij mei 5-2:6-2 en dêrmei wiene sy de winners fan 'e dei.

Froulju

Ek de froulju hiene der nocht oan. Dêr wêr't de manlju koarte metten makken mei de tsjinstanners, wiene hjir de ûnderlinge ferskillen in stik lytser. Lange partijen, se wiene oan inoar weage. It wie in prachtich moaie striid, mar mei dy hitte derby wie it foar guon ek fuort in 'oanslach' op it lichem. Ekstra drinkpauzes wiene soms nedich, wat wolle je ek as hast alles op 5-5:6-4 ferkeatst wurdt. De manlju wiene goed 16.15 oere al klear mar by de froulju duorre it noch in dik oere langer. Ungefear 17.30 oere waard de lêste slach slein en kinne ek sy it terras op.

Ek by de froulju wiene der nei twa omlopen twa partoeren dy't beide alles wûn hiene. Partoer 5 en partoer 6. Sy stride om de krânse. De tredde omloop hiene se beide in oare tsjinstanner, se hiene dus beide mar ien opdracht en dat wie sa folle mooglik earsten pakke.

Jildou Couperus en Judith van der Weerd (partoer 6) diene wat se dwaan moasten, winne!!! Al wie dit wol dreech, ek dizze omloop wie it 5-4:6-0 en sy wisten doe it lêste en winnende earst te pakken.

Judy Bergsma en Nynke Paauw (partoer 5) hiene it ek dreech, sy wisten de tredde omloop krekt net te winnen en ferlearen mei 5-4:6-2. Hjirtroch wie de krânse foar Jildou en Judith.



Priiswinners manlju:

- 1e priis: Julian Faber, Abe Jan Stegenga en Tjerk Okkema
2e priis: Rémon Tie Bouma, Jelle de Boer en Bas van der Weij

Priiswinners froulju:

- 1e priis: Jildou Couperus en Judith van der Weerd
2e priis: Judy Bergsma en Nynke Paauw

30-06-2023: Federaasjemiddei jongerein

De fjilden binne wer fol yn Easterein mei alle regio keatsers; welpen, pupillen, skoaljeugd, jonges/famkes en junioaren. Prachtich om safolle keatsers byinoar te sjen. We keatsten yn totaal mei 106 bern!

Dit binne de priiswinners:

Welpen famkes

1e priis: Anouk Groen en Elin Stoffelsma
2e priis: Wietske Poelsma en Anna de Jong



1e priis ferl.: Thys Jansen en Fender Flisijn
2e priis ferl.: Redmer Politiek en Thys Strikwerda

Pupillen famkes

1e priis: Fenne Sijbesma en Judith van der Ende
2e priis: Froukje Patricia Blanke en Rosalie ten Brink

Pupillen jonges

1e priis: Rindert Douma en Egbert Spoor
2e priis: Lars Haarsma en Dooitsen Fopma



Welpen jonges

1e priis: Johannes Heerma en Johan de Jong
2e priis: Dirk Regeling en Tijmen Dijkstra
3e priis: Syan Bults en Ids van Wijngaarden



Skoalfamkes

1e priis: Maren de Vries en Marrit Hoekstra
2e priis: Brecht Stegenga en Doutzen Twijnstra



Skooljonges

1e priis: Brian Oosting en Imme Klaas Kievit

2e priis: Sander Velzen en Dirk Lieuwe Wup

3e priis: Ynte Sjoerd Dijkstra en Jonne van der Werff

1e priis ferl.: Matthijs Quak en Kiano Terpstra

2e priis ferl.: Klaas Merijn van der Brug en Hessel Abels

Famkes, jonges en junioaren

1e priis: Durk Bootsma, Iris Jasper en Hessel Jonker

2e priis: Ate Schaap en Fianne Dijkstra



09-07-2024: Leanbedriuw Okkema partij

Gjin ferslach. Dit wiene de priiswinners:

Froulju

1e priis: Tineke Dijkstra, Judy Bergsma en Froukje Dijkstra

Manlju A

1e priis: Bote Jellema, Jouke Dotinga en Jelmer de Jong

Manlju B

1e priis: Tjeerd Dijkstra, Siebe Tolsma en Evert Tolsma



15-07-2023: Keatspartij jongerein Easterein-Wommels yn Easterein

Twa kear yn it seizoen ha we by in ledepartij in útwikseling mei de jeugd fan Wommels. Yn maaie wiene de welpen, pupillen, skoaljeugd en jonges/famkes út Easterein al yn Wommels west, no wie it oarsom. Foar de bern dy't net fuort gean te keatsen is it altyd ynteressant ek ris mei- en tsjin oare gesichten te keatsen.

By de **kabouters** wie 1 poule fan 4 (sûnder Wommels).

Dit binne de winners:

1e priis: Sven Sijbesma en Wout Dijkstra

2e priis: Harmen Joustra en Djurre Faber



By de **welpen** wiene 6 partoerkes en sy keatsten neffens it 'Sneker systeem'.

Dit binne de winners:

1e priis: Jinse-Durk de Jong en Elin Stoffelsma

2e priis: Hieke Jellema en Iris Bosgra

3e priis: Tiede Posthumus en Hidde Wijnia



By de **pupillen** wiene 5 partoeren sy keatsten yn 1 poule, mar begûnen alle partijen op in spul gelyk.

Dit binne de priiswinners:

1e priis: Fenne Sijbesma en Tymen Stenekes

2e priis: Evy Wijnia en Tryntsje de Jong



De **skoaljeugd** keatste mei 3 partoeren ek yn 1 poule.

Dit binne de priiswinners:

1e priis: Zenn Hoytenga en Sander Vriesema



25-08-2023: Nachtkeatsen jongerein

Normaliter is it nachtkeatsen in partij ophimsels. Mar dit jier waard it kombinearre mei it keatskamp en dus wiene de bern fan Wommels ek oanwêzich. In fjild fol minsken ûnder de skynwerpers! De jeugd wie al hyper fan it kamp en dêr goaide dizze spannende wedstriid noch in ekstra skepke boppe op. Want keatse yn it donker bringt dochs altyd wat ekstra spanning mei sich mei...

Nei 3 omlopen mei ferskillende maten wiene dit de priiswinners.



Kabouters

26-08-2023: Nachtkeatsen senioaren

De ien-nei-lêste ledewedstriid alwer fan dit seizoen. Mei in prachtige opjeffe fan mar leafst 36 keats(t)ers wie it sa as altyd wer genietsjen fan de moaiste en spektakulêrste aksjes tidens it nachtkeatsen.

Foar de taskôgers in genot om nei te sjen, je komme eagen te koart!

De priiswinners:

A maten

- 1e priis: Julian Faber (21 foar - 4 tsjin)
- 2e priis: Johan van Abbema (21 foar - 6 tsjin)
- 3e priis: Rémon Tie Bouma (19 foar - 12 tsjin)

B maten

- 1e priis: Tjeerd Dijkstra (21 foar - 6 tsjin)
- 2e priis: Christian Hoekstra (21 foar - 7 tsjin)
- 3e priis: Wietse Vink (19 foar - 13 tsjin)

C maten

- 1e priis: Jan Bouke Bouma (19 foar - 8 tsjin)
- 2e priis: Wiepkje Sijbesma (19 foar - 13 tsjin)
- 3e priis: Jelle Bouma (18 foar - 16 tsjin)



Welpen



Pupillen





11-09-2023: Slotwedstriid jongerein

Tagelyk mei de senioaren, mocht der troch de jeugd ek keatst wurde by de slotpartij. It hiele fjild fol wie in machtich moai gesicht. Waarm wie it net, it wie hyt!

By de kabouters wiene der trije partoeren en wie der in poultasje om te keatsen. Dit binne de priiswinners:

Kabouters:

1e priis: Meike Overwijk en Wout Dijkstra
2e priis: Sven Sijbesma en Djurre Faber

De oare list bestie út welpen oant pupillen en in inkele skoaljonge. Sy hiene fjouwer partoeren. Dit binne de priiswinners:

Welpen, pupillen en skoaljonges:

1e priis: Pieter-Age van der Weide,
Tryntsje de Jong en Harmen Joustra
2e priis: Jelke Sijbesma, Femke Paauw
en Bauke-Jan Dijkstra



Tuskentroch goed drinke en in iisko. Nei de tiid wie der foar alle keatsers noch in lekker en leuk pakketsje om mei nei hûs te nimmen!

Ek waarden de kompetysje-prizen útrikt. De winners fan 2022 krigen in oantinken.

Kabouters: Sven Sijbesma
Welpen: Jelke Sijbesma
Pupillen: Pieter-Age van der Weide
Skoaljeugd: Douwine Tolsma

Winners kompetysjekeatsen 2023

Kabouters

1e priis: Harmen Joustra
2e priis: Sven Sijbesma
3e priis: Folkert Joustra

Welpen

1e priis: Jelke Sijbesma
2e priis: Elin Stoffelsma
3e priis: Iris Bosgra

Pupillen

1e priis: Marrit van der Weij
2e priis: Fenne Sijbesma
3e priis: Berber Sijbesma

Skoaljeugd/Jonges/Famkes

1e priis: Brecht Stegenga
2e priis: Pieter-Age van der Weide
3e priis: Sander Velzen

Alle âlders en oare frijwilligers tige tank foar jimme stipe, wy sjogge jim takom jier graach wer!

10-09-2023: Slotpartij

En dan wie it al wer tiid foar de slotpartij fan it keatsseizoen 2023. We hiene in jeugd- en senioarwedstriid tagelyk op it fjild en moai waar, dus neat stie in prachtige dei yn 'e wei.

In totaal wiene der 47 keatsers by de senioaren. Elts koe kieze foar syn favorite bal. Der waard keatst yn in A-, B- en C-klasse mei in hurde of in sêfte bal en mei trije ferskate listen. Oer de hiele dei wiene der moaie, spannende en minder spannende wedstriden, mar elts hie lekker keatst. Foaral yn de A-klasse hurde bal moast even goed teld wurde foardat de prizen bekend wiene.

De prizen wiene foar:

Sêfte bal

A-klasse

1e priis: Dirk-Yde Sjaarda

2e priis: Danny Roos

B-klasse

1e priis: Petra Jellema

2e priis: Tineke Kamstra

C-klasse

1e priis: Wilma Sjaarda

2e priis: Helga Develing

Hurde bal

A-klasse

1e priis: Tjeerd Dijkstra

2e priis: Pieter Porte

3e priis: Anco Elgersma

4e priis: Marije Schurer

B-klasse

1e priis: Julia Paauw

2e priis: Abe Jan Stegenga

3e priis: Tjerk Politiek

4e priis: Tymen Dijkstra

C-klasse

1e priis: Jan Bouke Bouma

2e priis: Geja Hofstee

3e priis: Geertje van der Weide

Fierders koe men de hiele dei stimme op de keatser fan it jier. Dizze ferkiezing waard glânsryk wûn troch Roel Sijbesma. As winner fan it 50+ klassemint en in tige aktive frijwilliger dy't net kapot te krijen is, mar foaral in goeie keatser, kinne wy net oars sizze dat dit tige fertsjinne is.

Dêrneist ha wy ús keatsters Jeska Terpstra, Roelie Kroondijk en Corrie Kroondijk huldige foar harren fertsjinsten yn it ôfrûne keatsseizoen. Se ha in prachtich 2e plak helle op it NK yn Amsterdam.



Dêrneist is Jeska 3e wurden op de frouljus PC en Corrie Kroondijk is wrâldkampioen by it Wallball wurden. Spitigernôch koe Redmer Wiersma der hjoed net by wêze. Hy hat mei KF Wommels in moaie 4e priis helle by it NK.

Ek binne de priiswinners fan it kompetysjekeatsen bekend makke. By de manlju wie dit hiel spannend. De nûmer 1 wie wol dúdlik, mar nûmer 2, 3 en 4 hiene alle trije 63 earsten foar en tsja ... wa wint dan de twadde of tredde priis. Spitigernôch foel Sipke Hiemstra krekt bûten de prizen.

By de froulju siet de spanning ek tusken de nûmers 2 en 3 mei beide 89 earsten foar. Mar it ferskil yn winstpartijen wie wol dúdlik mei 12 om 8.

Winners Froulju

1e priis: Vera de Vries
2e priis: Tineke Dijkstra
3e priis: Wilma Sjaarda

Winners Manlju

1e priis: Johan van Abbema
2e priis: Abe Jan Stegenga
3e Priis: Johannes Hazenberg



Om ûngefear 17 oer wiene alle offisjele hannelingen klear en koe de neisit begjinne mei lekkere pizza's fan Atze. Hy en syn hulp koene der hast net tsjin bakke, dus we geane der fanút dat it wol smakke. Mei in lytse 90 iters wie it tige slagge!

KNKB PARTIJEN

07-05-2023: KNKB famkes A- en B-klasse t.i.l.

De earste KNKB wedstriid fan dit jier op ús keaststjild: famkes A- en B-klasse.

De A-klasse bestie út in poule mei 4 partoeren, sy koene allegear dus 3x keatse. Nei 3 omlôpen wiene der 2 partoeren mei itselde oantal tsjin- en foarearsten, it kaam no oan op it ûnderlinge resultaat, dit wie yn it foardiel fan Hester Torensma, Gerbrich Koster en Marsha Broersma.

De B-klasse waard ferkeatst fia in 'gewoane' list; trochdat ien partoer net folledich wie, moast der in oantal kearen bylotte wurde.

Nei in flot ferrin fan de wedstriden, ûnder hearlike waarsomstannichheden, wiene dit de priiswinners:

Winners A-klasse

1e priis: Hester Torensma, Easternijtsjerk
Gerbrich Koster, Tsjom
Marsha Broersma, Stiens

2e priis: Hilde Stremmer, Eksmoarre
Eline van Dijkhuizen, Nijlân
Selma van der Wal, Menaam

Winners B-klasse

1e priis: Maud Hellinga, Dronryp
Brecht Renema, de Gaastmar
Martsen van der Goot, Goaiïngea

2e priis: Marije Bokma, Stiens
Elbrich Kooistra, Loaiïngea
Isabelle Sijtsma, Wetsens

3e priis: Femke Buwalda, Frjentsjer
Inez Bosch, Arum
Mare Dijkstra, Makkum





3e priis: Nina-Claire Wijning, St. Anne
Fenna Hoekstra, St. Anne
Ilse Baanstra, Snits

1e priis ferliezers: Rikst Baarda, Britswert
Bjoke Westra, Jobbegea
Jelly Hiemstra, Menaam

04-06-2023: KNKB manlju 2e klasse

In slagge en flotte dei, mei mooglik makke troch de keatsers, karmasters, frijwilligers en fanatike blokjeriners!



De priiswinners:

1e priis: Bauke Triemstra, René de Haan en Willem Heeringa
2e priis: Jari Visser (ynfaller fan Rutmer van der Meer), Verry van der Meer en Lennard Feenstra (ynfaller fan Yannick Hielkema)
3e priis: Gerrit Dijkstra, Jelmer Torensmas en Rutger Torensmas



20-08-2022: KNKB Haadklasse Froulju F.F. (Generale Froulus PC)

Hjoed keatsten de froulju harren lêste wedstriid foar de PC fan kommende woansdei. Under lieding fan skiedsrjochter Sipke Hiemstra waard der om 11.00 oere úteinset.

It favorite partoer, Tuinenga, Monfils en Zeinstra makke har rol wier en pakte de krânse. Sy wûnen de finale mei 5-0:6-6 fan de Haan, Krol en Wijnja.

Mei tank oan alle karmasters, tillegrafisten, blokjeriners en oare frijwilligers wie it in tige slagge keatsdei yn Easterein!

Hjirûnder de priiswinners:

1e priis: Ilse Tuinenga
Anne Monfils
Marrit Zeinstra

2e priis: Annet de Haan
Louise Krol
Sjanet Wijnja

3e priis: Amarins de Groot
Larissa Smink
Noa Elzinga



SKOALLEKEATSEN

24-05-2023: Skoallekeatsen yn Folsgeare

Woansdei 24 maaie wie de regiowedstriid fan it skoallekeatsen yn Folsgeare. Hjir ha Femke Paauw, Fenne Sijbesma en Marrit van der Weij mei harren coach Bas van der Weij, oan meidien yn de B-klasse. Hjir binne se twadde wurden! In knappe en moaie prestaasje! Nije wike de finales yn Frjentsjer!

31-05-2023: Skoallekeatsen yn Frjentsjer

Nei it súkses fan foarrige wike wie no de finale op it Sjûkelân yn Frjentsjer. En wer mei súkses!! De 1e omloop waard wûn fan Tsjummearum mei 5-3:6-4. De twadde omloop tsjin Winsum waard ek wûn, no mei 5-1:6-0. Dêrnei wie it tiid foar de heale finale en ek dy waard wûn. En dan is it fansels tiid foar de finale.

Dizze gie tusken Easterein en Raerd! En ja, de famkes kamen strieljend fan it fjild en krigen letter de krânsen!! Der waard mei 5-2:6-6 wûn!! **Lokwinske mei dizze moaie priis!!**



IFK JEU DE PELOTE – JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE – FROULJUS PC

26 t/m 30-06 en 03 t/m 07-07-2023: Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote yn Easterlittens

Foar Easterein dogge mei: Bauke Dijkstra, Johannes Hazenberg, Jan Schurer, Sjoerd Taeke Kooistra, Ids de Boer, Dirk-Yde Sjaarda en Marten Faber.

De earste partij winne se fan Stiens mei 3-8. De twadde partij tsjin Grou ferlieze se mei 6-7. Winsum wint it IFK Jeu de Pelote.

01-07-2023: Jong Famme Partij - Mantgum

Foar Easterein keatse Liset Sijbesma, Roelie Kroondijk en Corrie Kroondijk. Se ferlieze yn de earste omloop fan Dronryp 1 mei 5-4:6-2.

Makkum wint de Jong Famme Partij

22-07-2023: Ald-Meiers - Hitzum

Dit jier wiene der 2 partoeren fan Easterein dy't meidiene. Easterein 1 mei Fianne Dijkstra, Liset Sijbesma en Anouk Delfsma (Wommels) wint yn de earste omloop fan Dronryp, mar spitigernôch ferlieze se yn de twadde omloop fan Hijum-Feinsum.

Easterein 2 mei Tijtske Joustra, Geertje van der Weide en Douwina Tolsma ferliest yn de earste omloop fan Tsjom. Lollum-Waaksens wint de Ald-Meiers.



02-08-2023: PC - Frjentsjer

Der hat dit jier ien Eastereiner mei dien mei de PC, dat wie Bauke Dijkstra. Eins wie foarrich jier syn lêste PC mar omdat Mark Minnesma siik wie, foel Bauke foar him yn en keatste dit seizoen mei Corné Tuinenga en Jelmer Miedema. Spitigernôch ferlearen se yn de twadde omloop mei alles oan 'e hang fan de lettere 3e priis-winners Paul Dijkstra, Steven Koster en Rick Minnesma.

09-08-2023: Freule - Wommels

Easterein docht net mei. Redmer Wiersma keatst foar Wommels mar hat gjin priis wûn.

23-08-2023: Frouljus PC - Weidum

Der dogge dit jier 3 Eastereiner froulju mei, Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra. Roelie en Corrie Kroondijk ferlieze mei harren maat Jennie Terpstra yn de earste omloop mei 5-1:6-2 fan de lettere winners Ilse Tuinenga, Anne Monfils en Marrit Zeinstra.



Jeska Terpstra mei har maten Aletta van Popta en Gerde Lycklama á Nijeholt ferlieze yn de heale finale fan de lettere winners mei 5-2:6-6 en behelje in moaie tredde priis. **Lokwinske!**

NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

NK junioaren: 27-05-2023 yn Frjentsjer

Easterein docht net mei.

NK senioaren: 29-05-2023 yn Frjentsjer

Foar Easterein keatse hjoed Dirk-Yde Sjaarda, Sjoerd Kooistra en Bauke Dijkstra. Easterein ferliest yn de 2e omloop fan Deinum mei 2-5:2-6. De winner fan it NK is Minnertsgea.

NK Famkes: 10-06-2023 yn Tsjummearum

Easterein hat 2 partoeren dy't hjoed meikeatse.

Easterein 1: Liset Sijbesma, Anouk Delfsma (Wommels) en Fianne Dijkstra.

Easterein 2: Geertje van der Weide en Douwina Tolsma. Spitigernôch moatte se yn de earste omloop gelyk tsjininoar keatse. Easterein 2 ferliest dit mei 1-5:4-6. Yn de twadde omloop ferliest Easterein 2 fan Tsjom mei 5-2:6-4. De winner fan it NK is Boalsert.

NK Jonges: 10-06-2023 yn St. Anne

Easterein docht net mei. Redmer Wiersma keatst foar Wommels en hat mei Wommels in 4e priis wûn.

NK Skoalfamkes: 17-06-2023 yn Seisbierrum

Easterein docht net mei. Brecht Stegenga keatst foar Wommels. Wommels hat yn de earste omloop ferlern.

NK Skoaljonges: 17-06-2023 yn Achlum

Easterein docht net mei.

NK Froulju: 24-06-2023 yn Amsterdam

Foar Easterein keatse hjoed Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra.

De earste omloop wint Easterein fan Stiens mei 1-5:4-6. De twadde omloop wint Easterein fan Wageningen, ek mei 1-5:4-6. De tredde omloop hat Easterein in stand nûmer. De heale finale winne se fan Makkum mei 5-3:6-6. Yn de finale moat Easterein tsjin Huizum, dit kinne se net rêde, se ferlieze mei 5-0:6-2.

Hjirmei hat Easterein in moaie twadde priis behelle op it NK Froulju. **Lokwinske!**

NK Pupillen famkes: 01-07-2023 yn Dokkum

Easterein docht net mei.

NK Pupillen jonges: 01-07-2023 yn Menaam

Easterein docht net mei.



NK Manlju 50+: 08-07-2023 yn Hallum

Foar Easterein dogge 2 partoeren mei.

Easterein 1: Tjeerd Dijkstra, Roel Sijbesma en Simon Kingma en Easterein 2: Sipke Hiemstra, Peter Sijbesma en Jan Vellinga. Partoer 1 hat yn de earste omloop ferlern mei 0-5 fan Grou.

Partoer 2 hat de earste omloop wûn mei 5-2 fan St. Anne, ek de twadde omloop ha se wûn mei 5-2 fan Hurdegaryp. Spitigernôch ferlearen se yn de tredde omloop mei 5-5:6-6 fan Reduzum.

KNKB Klasseminten

Nr	Keatser	Punten
25	Welpen famkes	
54	Pupillen famkes	
42	Fenne Sijbesma	2
43	Marrit van der Weij	2
64	Skoalfamkes	
61	Brecht Stegenga	1
56	Famkes	
36	Fianne Dijkstra	4
37	Geertje van der Weide	3
22	Dames Junioaren	
3	Corrie Kroondijk	11
5	Roelie Kroondijk	8
39	Froulju 1e klasse	
3	Corrie Kroondijk	12
4	Roelie Kroondijk	12
37	Froulju Haadklasse	
4	Jeska Terpstra	22
8	Corrie Kroondijk	15
13	Roelie Kroondijk	11
35	Sietske Okkema	1
Nr Top trije measte punten Froulju		
1	Corrie Kroondijk	38
2	Roelie Kroondijk	31
3	Jeska Terpstra	22

Nr	Keatser	Punten
49	Welpen jonges	
38	Jelke Sijbesma	2
59	Pupillen jonges	
64	Skoaljonges	
64	Sander Velzen	0
70	Jonges	
67	Redmer Wiersma	1
37	Manlju Junioaren	
23	Manlju 35+	
123	Manlju 50+	
1	Roel Sijbesma	23
26	Tjeerd Dijkstra	9
34	Sipke Hiemstra	8
72	Pieter Porte	4
85	Anco Elgersma	3
86	Jan Vellinga	2
99	Tjerk Okkema	2
115	Jelle de Boer	1
116	Peter Sijbesma	1
117	Simon Kingma	1
54	Manlju 2e klasse	
77	Manlju 1e klasse	
52	Manlju Haadklasse	
47	Bauke Dijkstra	1
Nr Top trije measte punten Manlju		
1	Roel Sijbesma	23
2	Tjeerd Dijkstra	9
3	Sipke Hiemstra	8

Keatsmominten út 2023

Jannewaris

- 29 Wallball Dutch Open yn Frjentsjer, 2e priis Corrie Kroondijk

Maart

- 29 WK yn Alzira (Spanje) op it ûnderdiel Fronton hat Corrie Kroondijk mei team NL in 3e priis wûn en op it ûnderdiel keatsen in 1e priis

Maaie

- 14 By de famkes B-klasse yn Eksmoarre, 1e priis Geertje van der Weide
19 Federaasje skoaljonges yn Turns, 1e priis Jarno van der Weij
19 KNKB froulju junioaren t.i.l. yn Makkum, 1e priis Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
21 Froulju haadklasse t.i.l. yn Berltsum, 1e priis Roelie Kroondijk en Jeska Terpstra
26 Federaasje welpen jonges yn Goaiïngea, 1e priis Jelke Sijbesma
28 KNKB famkes t.i.l. yn Goaiïngea, 1e priis Fianne Dijkstra
31 Skoallekeatsen B-klasse yn Frjentsjer, 1e priis Marrit van der Weij, Fenne Sijbesma en Femke Paauw

Juny

- 9 Federaasje welpen jonges yn de Hommerts, 1e priis Jelke Sijbesma en Sven Sijbesma
9 Federaasje pupillen famkes yn de Hommerts, 1e priis Fenne Sijbesma
9 Federaasje jeugd yn de Hommerts, 1e priis Geertje van der Weide
11 Manlju 50+ yn Marsum, 1e priis Roel Sijbesma
17 Froulju 1e klasse t.i.l. yn Itens, 1e priis Corrie Kroondijk
24 Manlju 50+ yn Penjum, 1e priis Roel Sijbesma
24 NK Froulju yn Amsterdam, 2e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Jeska Terpstra
30 Federaasje welpen famkes yn Easterein, 1e priis Elin Stoffelsma
30 Federaasje pupillen famkes yn Easterein, 1e priis Fenne Sijbesma

July

- 7-9 Eastereiner keatswykein mei op freed aktiviteiten foar de jeugd, de Jong-Feintepartij op sneon en de Okkemapartij op snein
9 Froulju 1e klasse t.i.l. yn Balk, 1e priis Roelie Kroondijk
15 Froulju 1e klasse f.f. yn Hallum, 1e priis Roelie Kroondijk en Corrie Kroondijk
16 Famkes t.i.l. yn Stiens, 1e priis Geertje van der Weide
17 Froulju 1e klasse t.i.l. yn Makkum, 1e priis Corrie Kroondijk
23 Manlju 50+ B-klasse yn St. Jabik, 1e priis Roel Sijbesma
23 Keatspartij op Skylge, 1e priis Abe Jan Stegenga + de keningspriis
28 KNKB Froulju junioaren t.i.l. yn Froubuorren, 1e priis Corrie Kroondijk
28 Federaasje welpen jonges yn Achlum, 1e priis Jelke Sijbesma
29 Manlju 50+ B-klasse yn St. Nyk, 1e priis Roel Sijbesma



8

22

12

13 14



Augustus

- 2 PC Frjentsjer, Bauke Dijkstra die noch ien kear mei, spitigernôch gjin priis foar him
- 6 Manlju 50+ A-klasse yn Boalsert, 1e priis Tjeerd Dijkstra
- 6 Froulju 1e klasse f.f. yn Kimswert, 1e priis Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
- 19 Manlju 50+ B-klasse yn Boazum, 1e priis Sipke Hiemstra
- 23 Frouljus PC yn Weidum, 3e priis Jeska Terpstra
- 25 Manlju 50+ B-klasse yn Bitgum, 1e priis Roel Sijbesma
- 25 KNKB Froulju junioaren yn Ljouwert, 1e priis Corrie Kroondijk



Septimber

- 2 Manlju 50+ B-klasse yn Oentsjerk, 1e priis Roel Sijbesma
- 2 Keatspartij yn Turns, 1e priis Redmer Stegenga
- 3 Froulju 1e klasse f.f. yn Reduzum, 1e priis Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
- 3 Famkes pupillen C-klasse yn Stiens, 1e priis Fenne Sijbesma
- 9 Manlju 50+ A-klasse yn Ljouwert, 1e priis Tjeerd Dijkstra
- 9 Froulju haadklasse t.i.l. yn Marsum, 1e priis Jeska Terpstra
- Roel Sijbesma 1e priis yn it algemien klassemint KNKB 50+ mei 23 punten



Oktober

- 1 Spanish Open yn Valencia ûnderdiel Wallball, 2e priis Corrie Kroondijk
- 15 NK Single Wallball yn Frjentsjer, 2e priis Corrie Kroondijk

Novimber

- 5 Froulju Wallball yn België, sawol by de froulju single as by de froulju dûbel in 1e priis foar Corrie Kroondijk
- 19 NK Wallball yn Frjentsjer froulju dûbel, 2e priis Corrie Kroondijk
- 26 KNKB Sinteklaaspartij A/B-klasse yn Frjentsjer, 1e priis Jelke Sijbesma



1
2
3
4
5
6
7
8
9
10
11
12
13
14
15
16
17
18
19
20
21
22
23
24
25
26
27
28
29
30
31

W D V Za Zo
1
2
3
4
5
6
7
8
9
10
11
12
13
14
15
16
17
18
19
20
21
22
23
24
25
26
27
28
29
30
31